

De widdo

út it deensk oerset, útbrocht op de LP/CD Frustraasjebloes

ús heit wie in skroar oan it Ruterskertier
en ien fan syn klanten wie fleanoffisier
mei in wyfke sa moai, ja, der wie der gjin klant
dy't in wiif hie sa kein en sa prûs en sjarmant

D A7 D
D E7 A7
Bm F#m G D
D A7 D

in dei kaam hja skriemend mei swarte klean oan
al hoe moai as hja wie, hja wie no widdo foartoan
en ik, ik wie sechstjin, ik stie yn 'e doar
en ik fielde in wémoed lykas nea noch dêrfoar

ik brocht wat klean fuort de folgjende dei
mar in wûndere krêft dy luts my doe mei
nei it hûs dêr't de widdo, stil fan fertriet
allinne op har boppeste etaazje siet

ik sette myn fyts by de stoeprâne del
ik rûn by de trep op en luts oan 'e bel
ik wie inkeld fan doel dizze iensume frou
út myn hert te kondolearjen mei har rou

hja kaam oan de doar sa bleek en sa tear
en al wat ik sizze soe, ik wist it net mear
hja liet my der yn, wat fernuver' en oerstjoer
en dêr stie de kiste mei de flagge der oer

wy stiene in skoft op dat wûndere plak
ik fielde my alhiel net mear op myn gemak
wy giene doe sitten, want hja foel hast flau
en ik tocht noch: hoe kom ik dy treppen wer ôf

sa sieten wy op it bêd en ik stinde wat dreech
want fan 'e alteraasje siet har rok wit hoe heech
ik sei noch: it is in slim gefal mei jo man
mar wat ik ek sei, hja fernaam der neat fan

wy sonken doe del op it kreakjende bêd
wylst de kiste dêr stie ûnder't frysk pompeblêd
as dy stumper noch libbe, joech er fuort wer de geast
as er sjoen hie hoe slim hja ferlet hie fan treast

it wie grif al hiel let doe't ik by har wei gie
ik wie bliid dat myn fyts mei it pak der noch stie
oant sjen, myn leave, myn iensume blom
sei ik sêft yn mysels, mar ik kaam nea werom

hja is no wer troud mei sa'n fleanoffisier
ik kom harren wol tsjin op it Ruterskertier
dan knikt sy my noch wolris freonlik ta
mar wit grif net mear wêr't wy inoar earder sjoen ha